

# IT AMBYLD

Nû. 50



ISSN: 2542-7423

## IT FRYSK BOUN OM UTENS

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

Wynmoanne 2021

Skriuwer: Kees van der Beek  
Beemdweg 29  
3852 XC ERMELO  
till. 0341 - 559343

e-mail [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)

*Lit dan krûpe dat net gean doar  
Lit dan bûge dat net stean doar –  
Dy't gjin krûpen learde giet,  
Dy't fan bûgjen frjemd bleau stiet,  
Heech it hert, heech de kop:  
Frysk bloed, tsjoch op!*


(Fedde Schurer : Betinkstien oan Kneppelfreed)

Administraasje: J. Vogel  
Yellowlaan 4  
1695 HV Blokker  
INGbank rekkennûmer: NL94INGB0000320077 op namme fan:  
It Frysk Boun om Utens, Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker

## Utnoeging .....

foar de 97<sup>ste</sup> Algemiene Gearkomste fan "It Frysk Boun om Utens" op sneon 9 oktober 2021 yn Hurderwyk: tsjerklik sintrum 'de Regenboog' – Biezenplein 1, (Bloemendreef 1 - sa stiet it noch op Google Maps oanjûn....) 3845 KA Hurderwyk – 0341 – 421 797.

**Hoe komme jo dêr.... sjoch op it kaartsje hjirûnder**



**Mei de auto:** kommend fanút rjochting Amersfoart: nim ôfslach 11 rjochting Harderwijk-Zuid. By de rotonde rjochttroch de Spiekweg op. By de 2e rotonde linksôf. Jo ride no fia de Bloemendreef nei it Biezenplein; kommend fanút rjochting Swol nimme jo de ôfslach 12 Ermelo, rjochting Ermelo N303. By de rotonde rjochts oanhâlde nei de Groene Zoomweg. By de 5e rotonde rjochts ôfslaan de Bloemendreef op; oan de ein is it Biezenplein mei it parkearplak by it tsjerklik sintrum.

**Iepenbier ferfier:** sjoch op de webside 9292.nl

**Wa't komt, hat it opjûn by de skriuwer fan it FBoU: [skriuwerfbou@fryskbutenfrylan.fr](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfrylan.fr)**  
foar 20 septimber - jou dúdlik oan mei hoefolle minsken as jo

- nei de AG komme
- tusken de middei lunsje wolle yn de Reinbôge-tsjerke - € 10,00 p.p. – spesjale dieetwinsken (tink bygelyks oan glute-frije breadsjes – molke of sûpe en sa)
- de Moetings- en Ynspiraasjemiddei mei Lutz Jacobi, direkteur fan de Waddenferiening bywenje wolle - gjin kosten oan ferbûn.
- it teaterprogramma meimeitsje wolle – yntree: 5,00 kriteleden / € 10,00 net-kriteleden

**Yn ferbân mei de rigeljouwing oangeande COVID19 (koroana) fanút de oerheid freegje wy fan al ús gasten dat sy by de yngong in bewiis fan faksinaasje of negative test (fan noch gjin 24 oeren âld) sjen litte kinne. It bestjoer fan it FBoU en fan de krite hope, dat elk syn/har eigen ferantwurdlikheid nimt en by klachten thús bliuwt.**

Bygeande lêstbrief graach ynfolje en - ûndertekene troch de foarsitter en de skriuwer fan de Krite - op syn lêst in wike foar de Algemiene Gearkomste stjoere nei de Bounsskriuwer. Foech om yn de A.G. harren stim út te bringen hawwe allinnich dy twa troch it bestjoer oanwiisde lêstnimmers.

## It Programma fan de dei:

10.00 oere Ynrin - Untfangst troch it bestjoer fan de gast-krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk mei in kopke kofje of tee en in stikje oranjekoeke.

Foar elk leit in namkaartsje klear. Foar de skriuwers fan de krite – it tal ledekaarten foar it nije winterskoft 2021/2022 leit dan ek foar jim klear om mei te nimmen.

NB. Ek in moaie gelegenheid en keapje by de skriuwer oarkonden foar de priis fan € 1,-- it stik foar dy leden, dy't jim ris yn 't sintsje sette wolle.

10.30 oere Algemiene gearkomste  
12.00 oere Lunsj-skoft  
13.30 oere Moeting en Ynspiraasjemiddei  
ynlieder: Lutz Jacobi, direkteur fan de Waddenferiening  
14.30 oere Skoft  
15.00 oere "Myn Skip" – tuskentroch in heal oere skoft - nei ôfrin: pryskes fan de ferlotting  
ôfhelje.  
17.30 oere Dei ôfslute  
18.00 oere Foar wa't wol: meiinoar ite by 'Alleman' – op eigen kosten (€ 25,00 p.p.) en wat de kaart skaft. Adres: Triasplein 1, 3845 GC Hurderwyk

## It Frysk Boun om Utens en de krite "Meiinoar Ien" rekkenet fansels de hiele dei op jimme!

Fryske Krite "Meiinoar Ien" Hurderwyk e.o. nûget spesjaal út om ek it teaterprogramma by te wenjen: krite-bestjoeren – bring jim leden dêrom ek op 'e hichte fan dit teaterbarren. Jim leden jouwe by jim eigen skriuwer oan: 1. at sy graach komme wolle, en 2. at sy de jûnes om 18.00 oere mei ite wolle by 'Alleman' (€ 25,00 p.p.) - dat dogge sy foar 18 septimber – dy jout de 19e septimber it tal teater-gongers en jûns-iters troch oan: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl)

### Foar de oerbliuwers is der

- o om 12.00 oere in lunsj - € 10,00 de man/frou: By de yntree fan de AG foarôf ôf rekkenje by de ponghâlder fan it FBoU, dhr. Jan Vogel
- o Kosten teaterprogramma 'Myn Skip': € 5,00 foar kriteleden / € 10,00 foar net-kriteleden – graach sa op 't hantsje.... ôf rekkenje yn 't middeisskoft tusken 12.00 en 13.00 en 14.30 en 15.00 oere by de ponghâlder fan de krite Hurderwyk.

It tsjerklik sintrum 'de Reinbôge' hat in hiele goeie fentilaasje – koroana-proof.....

## Wurklist 97ste Algemiene Gearkomste yn Hurderwyk

Wolkomswurd fan de gastkrite “Meiinoar Ien” fan Hurderwyk e.o. – mefr. Grytsje Assies

1. Iepening AG troch de foarsitter fan it Frysk Boun om Utens, de hear Jan Bijkerk
2. Meidielingen en ynkommen stikken.
3. Oantekens fan de 96ste A.G. digitaal (side 5 - 10)
4. Jierferslach skriuwer oer 2020 (side 11 - 13)
5. Ferslach rekkenopnimmers oer 2020 (De Haach en Hilversum) en beneamen nije rekkenopnimmers (Hilversum en Hoarn) (side 14)
6. Finânsjes: (side 14)
  - a. Jierrekken ponghâlder 2019
  - b. Begrutting 2020
7. Algemiene Gearkomst 2022 en 2023 (side 15)
8. Toanielsaken: (side 15 en 16)
  - It Boun
  - IFAT (It Frysk Amateur Toaniel)
9. Wet Bestjoer en Tafersjoch Rjochtspersoanen (WBTR) (side 16 en 17)
10. Bestjoer: Ofgean en wer ynhieren fan nije bestjoersleden (side 17)
11. Jubileum FBoU 100 jier – 16 septimber 2023 (side 17)
12. Kontakt bestjoersleden mei de krite (side 18)
13. Moetings en Ynspiraasje-dei 2022 (ideeën) (side 18)
14. Mediasaken/Omrop Fryslân (side 18)
15. Promoasje Boun (side 19)
16. Nijsoarsjenning nei de krite ta (side 19)
17. Folkshegeskoalle Schylgeralân (side 19 en 20)
18. Wat fierder noch op it aljemint komt.
19. Omfregjen.
20. Sluten fan de 97ste Algemiene Gearkomste

**Ad 3 Oantekens fan de digitale 96<sup>ste</sup> Algemiene Gearkomste fan “It Frysk Boun om Utens” oer 2019 fan 15 oktober.**

Ynlieding:

De 96<sup>e</sup> Algemiene Gearkomste fan It Frysk Boun om Utens (It Boun) oer 2019 soe hâlden wurde op 28 maart 2020 yn Delft, by de krite ‘Rjucht en Sljucht’ fan De Haach.

Troch de koroana-krisis is dizze gearkomste doe net trochgien.

It bestjoer fan It Boun hat doe besletten om in digitale AG te hâlden. Digitaal wol yn dit ferbân sizze dat de stikken, dêr’t de kriterien harren oer útsprekke moatte, op 31 augustus 2020 fia de e-mail nei de skriuwers en foarsitters fan de kriterien stjoerd binne mei ûndersteand boadskip:

Eala,

**Dizze mail is tige wichtich!**

Alle skriuwers en foarsitters fan Fryske kriterien krije dizze útnoeging.

Yn taheakke dokumint makket it bestjoer fan it Frysk Boun om Utens dúdlik dat der noch dit jier in AG plakfine sil - oars as oars!

By it dokumint stjoer ik ek in Lêstbrief en in Ynfolddokumint mei - beide dokuminten ferwachtsje ik ynfold foar 15 oktober werom.

It AMBYLD nr. 49 hawwe jimme yn febrewaris al tastjoerd krigen - dêr wurdt in pear kear nei ferwiisd, dus dy moat ek by de hân bliuwe.

Ik ha fan guon kriterien in reaksje hân op de fraach wat jim plannen foar it kommende winterskoft binne. De ôfrûne wiken makken wol dúdlik, dat it koroana-firus noch lang net útwurke is. Mei it oprinnen fan it tal besmettings is de skrutelens om yn krite-ferbân wer aktiviteiten oan te gean, flink tanaam.

Ik hoop, dat jimme as bestjoer de kommende wiken de muoite nimme wolle om de digitale AG troch te rinnen en foar 15 oktober mei in reaksje te kommen, sa as wy dat fan jimme freegje.

Oars as oars - ja, ik winksje jimme, nettsjinsteande alle beheining, wiisheid en wille foar it kommende winterskoft, wat jimme ek dwaan sille!

Bliuw sûn en ik sjoch mei niget út nei jimme reaksje.

Freonlike groetnis,

Kees

*Kees van der Beek*

*Beemdweg 29*

*3852 XC ERMELO*

*tel. 0341 - 559343*

*mob. 06 - 39877465*

*e-mail: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl)*

*[www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)*

## Utkomsten fan de 96<sup>e</sup> AG (digitaal)

Ut namme fan en mei it foech fan it bestjoer fan de krite:

Namme: .....

Namme: .....

De reaksjes fan de kriteren (de ynfolde Lêstbrief en it ynfolde Ynfoldokumint) moasten foar 15 oktober 2020 werom nei de skriuwer fan It Boun.

Alle kriteren (op krite Hilversum nei, dy't y.f.m. sykte en oare swierichheden net reagearje koe) hawwe in reaksje jûn. De reaksjes binne sammele en yn ien dokumint gearfetten. Eins is dat dokumint it fer-slach fan de digitale AG fan 2020.

It bestjoer fan It Boun hat op 2 novimber 2020 de dokuminten besprutsen yn in digitaal oerlis (fia Skype).

Hjirûnder wurde de 13 punten út it Ynfoldokumint behannele. Per punt wurde de opmerkings/fragen fan de kriteren opnommen. Yn *kursyf* mei FBoU stiet de reaksje fan it bestjoer sa as yn it bestjoersoerlis fan 02-11-2020 besprutsen.

### 1. Oantekens fan de 95ste A.G. yn Swol

Krite Assen: N.o.f. side 4: Op fersyk fan Metje en Hans Groenhof giet de krite Súdeast Drinte troch! Dit beslút is naam op de ledegearkomste fan 16-05-2019 fan dizze krite.

FBoU: *dit is in opmerking dy't op de digitale AG2020 makke is. Dêrom gjin oanpassing yn de oantekens fan de AG 2019.*

Krite Swol: Side 6 punt 10: Toanielsaken: Is der mei de provinsje bepraat oft der subsydze brûkt wurde kin foar net allinnich toanielploegen, mar ek foar sjongkoaren en oare kultuer-uterings om de kosten foar de kriteren te minderjen? En wat is de útkomst fan dat oerlis?

FBoU: *Fanút it IFAT, ûnder lieding fan STAF, is dêr oardel jier oan wurke. Ein 2019 is it stil kommen te lizzen troch it ôfskie fan de foarsitter fan STAF en de koroanakrisis. Dêrnei is de boel wer oppakt. Der leit no krekt in plan fan oanpak foar de nije organisaasje FAT (Frysk Amateur Toaniel). It Selskip en It Boun kinne harren dêrby oanslute. De nije foarsitter fan STAF hat tasein dat it mooglik is dat der in potsje komt mei 'subsydze' foar de toaniel-selskippen dy't foar de kriteren bûten Fryslân spylje. Dat wy fine dat dit ek foar ús sjongkoaren moat, sille wy opnij ynbringe. Allinnich moatte wy dan de provinsje ek noch sjen mei te krijen. Dat soe dan yn de subsydze-oanfraach fan 2022 mooglik wêze. Wurdt ferfolge...*

Krite Utert/Seist: Punt 11: Bestjoer: Jan Vogel giet ôf yn 2019 – wurdt net neamd, dat hy bliuwt.

FBoU: *Jan Vogel is yn 2019 wer foar 4 jier ynhierd. Dat stiet net yn de oantekens. Hy hie lykwols pas yn 2020 op 'e nij ynhierd wurde moatten. De oantekens wurde oanpast. Jan Vogel hat oantemei 2024 sit yn it bestjoer.*

Punt 20, tekstflater: 'feral' moat wêze 'foaral'.

FBoU: de oantekens wurde oanpast.

*Hjirmei binne de oantekens fan de AG 2019 fêststeld.*

## 2. Jierferslach skriuwer oer 2019

Krite Swol: side 11: Ledetal: Is der foarútgong makke yn it oerlis mei it IFAT, STAF en Keunst-wurk om in nije organisaasje fan 'e grûn te krijen, dy't foar de provinsje Fryslân oantreklik genôch is om de belangen te behertigjen fan it Frysk Amateuroaniel om dat ûnder ien nûmer te stypjen?

FBoU: *Sjoch de reaksje op de opmerking oer side 6, punt 10.*

Krite Utert/Seist: Eareleden: Hâns Weijer wennet yn Appelskea.

FBoU: *Ferslach wurdt oanpast.*

Krite Utert/Seist: De Dielen: tekstflater: Diels(k)gearkomsten.

FBoU: *Ferslach wurdt oanpast.*

Krite Utert/Seist: Kritten: ferwizing nei Bylagen I en II. Yn Bylage II stiet by stiftingsjierren Utert/Seist 18 maaie 2019. Dat is de start fan de nije krite, fuortkommen út krite Utert (fan 1901) en fan Seist (1928). By lustrumjier 2021 wurdt neamd Utert 120 jier. Dy krite is der net mear. Wy sjogge it opsetten fan de krite 'Mei Inoar Ien' as nije start. Dat betsjut dus dat it jubileum net neamd wurde moat.

FBoU: *Dizze oanpassing wurdt opnaam yn de kommende Nijsbrief.*

Krite Utert/Seist: MYD: Klaas Sietse Spoelstra seit dat de webside fan it Boun ferâldere is. Fraach: wurdt dêr wat mei dien?

FBoU: *Ja, wy wolle nochris mei Klaas Sietse om 'e tafel; in e-mail is der nei him tastjoerd – no net mooglik troch koroana.*

*Hjirmei is it ferslach fan de skriuwer oer 2019 fêststeld.*

## 3. Ferslach rekkenopnimmers oer 2019 (Boadegraven en De Haach) en beneamen nije rekkenopnimmers (De Haach en Hilversum )

Krite Utert/Seist: By dit punt moat neamd wurde dat útsteld wurdt om de pong-hâlder/it bestjoer te ûntlêstigjen.

FBoU: *Kloppet. Oan de rekkenopnimmers wurdt frege om harren ferslach mei dit útstel oan te passen. Beide rekkenopnimmers hawwe fia de mail oan de skriuwer fan it FBoU sneon 14 novimber dizze oanfolling op harren ferslach makke: **Oan it bestjoer fan it Frysk Boun om Utens** : "Hjirby ûntlêste wy , rekkenopnimmers Jan Boomgaard fan Krite Den Haach en Theo Schiere fan Krite Boadegraven, Jan Vogel, ponghâlder fan it Frysk Boun om Utens nei it goedkarren fan de rekken oer it jier 2019" .It bestjoer giet der fan út dat mei dizze oanfolling it ûntlêstigjen fan it bestjoer oernommen wurdt troch de digitale AG.*

*Nije rekkenopnimmers (oer 2020): krite De Haach en krite Hilversum.*

*Dit wurdt opnommen in de kommende Nijsbrief.*

#### 4. Finânsjes:

##### a. Jierrekken ponghâlder 2019.

Krite Swol: Yn de taljochting stiet, dat yn 2018, troch it opheffen fan it Boekefûns, rom € 11.000,00 oan de reserves tafoege is. Fraach: is dat ferantwurde ûnder 'Foarskotten en reserve IFAT'? Op 31-12-2019 is dy belânspost nammentlik rom € 11.000,00 heger as op 31-12-2017. Fraach: Is dit dan wol it goeie plak om dat bedrach te ferantwurdzjen? It Boekefûns en it IFAT hawwe dochs neat meiinoar te krijen?

FBoU: *It jild fan it Boekefûns is oan de reserves tafoege. It Boekefûns en it IFAT hawwe neat meiinoar te krijen. It hie better as aparte post opnommen wurde kinnen, mar dat is net bard.*

Krite Swol: 'Foarskotten en reserves IFAT' steane ûnder 'Te beteljen en te ferrekkenjen'. Fraach: Bestiet de kâns, dat in part fan dat bedrach werom betelle wurde moat? As dat net it gefal is, wêrom stiet it dan ûnder 'Te beteljen en te ferrekkenjen'?

FBoU: *De subsydzje fan it IFAT waard en wurdt betelle as foarskot; net alles komt yn ien kear; in part komt letter (soms inkelde jierren). Der is en wurdt rekken mei hâlden dat der werom betelle wurde moat. Net bekind is hoefolle en/of wannear. Dêrom is altyd keazen foar 'Foarskotten en reserve IFAT'.*

Krite Swol: Fraach: Hoe tinkt it bestjoer oer it foarmjen fan in reserve foar it jubileum yn 2023? Dêr soe op syn minst de rom € 11.000,00 fan it Boekefûns foar ynset wurde kinne.

FBoU: *It bestjoer fynt dit in goed útstel.*

*It bestjoer docht it útstel om it jild fan it Boekefûns apart op de balâns te setten as reservepot foar bygl. it 100-jierrich bestean fan it FBoU yn 2023.*

Krite Utert/Seist: By de Lêsten stiet de rekken 2019 foar de post Algemiene Gearkomste: kosten € 968,96 en de begrutting 2019 € 350,00. Fraach: Wêrom is de rekken sa'n stik djoerder?

FBoU: *De sealhier yn Swol wie folle mear as oare jieren. En der is in flater makke troch alle iten en drinken tusken de AG en it jûnsprogramma op de rekken fan it Boun te setten en net mei de minsken apart ôf te rekkenjen.*

Krite Utert/Seist: Op Balâns, KREDIT, te beteljen en ferrekkenjen, stiet ûnder 31 des. 2019 foar 'Foarskotten en reserve IFAT' it bedrach € 15.719,26. Fraach: Wêrom stiet dat hjir? Is dit jild reservearre? Wy snappe dit net...

FBoU: *Sjoch it antwurd op de fraach fan krite Swol by punt a.*

##### b. Begrutting 2020.

Krite Swol: Dat de begrutting oanpast is as gefolch fan de Koroanakrisis, is te begripen. Fraach: Hat de subsydzje-oanfraach IFAT dêr ek mei te krijen? Dy is no € 365,00 yn stee fan € 1.250,00 yn febrewaris 2020. Dy € 1.250,00 wie ek al krapoan € 600,00 minder as de rekken 2019.



FBoU: Troch koroana binne der minder aktiviteiten, en oer it gehiel binne der minder toanielsaken. Der is noch mar ien toanielploech. Dêrom is de subsydzje-oanfraach leger.

Krite Swol: It oanfrege subsydzje IFAT is € 85,00 minder as de administraasjekosten fan € 450,00. No is it lak djoerder as de brief. Wat tinkt it bestjoer hjir oan te dwaan?

FBoU: De administraasjekosten hawwe neat te krijen mei de subsydzje.

Krite Swol: Yn de taljochting yn it Ambyld fan febrewaris 2020 stiet '(...) mei noch wol wat fleis op 'e lea fan rom € 22.000,00 tinke wy dat wy it noch wol in skoftsje útsjonge kinne.' Wêrom stiet dy passaaasje net mear yn de digitale taljochting? En as dy rom € 22.000,00 gearstald is út de 'Foarskotten en reserve IFAT' en it 'Einkapitaal', wêrom stean de 'Foarskotten en reserve IFAT' dan ûnder 'Te beteljen en te ferrekkenjen'? (sjoch ek de 2<sup>e</sup> opmerking 4a).

FBoU: De passaaasje is net bewust weifallen. Sjoch ek it antwurd op de fragen by punt a.

Krite Utert/Seist: Der is in taljochting jûn wêrom der no (31 aug) in oare begrutting as de begrutting yn it Ambyld fan 28 maart?

Fraach: Wêrom is it begrutte tekoart foar 2020 (€ 365,00) mei minder/gjin aktiviteiten grutter as it tekoart yn 2019 (tekoart € 14,38)?

FBoU: It tekoart is grutter, omt in protte dingen wol betelle wurde moatte: publi-teitskosten (webside), IFAT-administraasje, toaniel WA-fersekering, jubileumkommisje ensf. De ynlagen fan de krites rinne tebek.

## 5. Algemiene Gearkomst 2021

Krite Swol: It Bounsbestjoer kin yndied oars neat as ôfwachtsje.

## 6. Bestjoer: Ofgean en wer ynhieren fan nije bestjoersleden

FBoU: Der binne gjin tsjinkandidaten fanút de kriter by de skriuwer binnenkaam.

Alle kriter dy't reagearre hawwe, binne it iens mei it op 'e nij ynhieren fan Gerrit Stegenga. Hy hat sit oantemei 2024.

FBoU: Hjir hie dus ek Jan Vogel neamd wurde moatten. Syn termyn rint lyk as dy fan Gerrit Stegenga. It bestjoer FBoU stelt hjirmei fêst dat Gerrit Stegenga wer ferkeazen wurdt foar de kommende 4 jier.

Dit is in item foar de kommende Nijsbrief.

## 7. Kontakt bestjoersleden mei de kriter

Hjir binne gjin opmerkings/fragen oer.

## 8. Moetings en Ynspiraasje-dei 2020 (ideeën)

Krite Assen: Lutz Jacobi útnoegje.

Krite Boadegraven: Nije direkteur Fryske Akademy útnûgje.

Krite Hurderwyk: Ferhaleferteller, film/dokumintêre oer Simmer2000, film oer it Hynderspektakel yn it FEC KH-Ljouwert2018.

Krite De Haach: Hoe kinne konkreet fia sosjele platfoarmen online netwurken en mienskippen fan Friezen (om utens) kreëare wurde, los fan de kriteren, dus einliks as alternatyf foar de kriteren? (as taljochting seit Hylke de Haan (krite De Haach) op 02-11-2020: *'Rjucht & Sljucht stiet foar de needsaak himself opnij út te finen of te ferdwinen. Moat de krite omfoarme wurde of leit in bettere takomst faaks bûten de besteande kritestruktuer? Wy binne der noch net út, mar it kin mar sa dat dit lang om let ek foar de oare kriteren jild. En is it dan ek gjin saak foar it Boun?'*)

FBoU: Jan Bijkerk sil nochris prate mei de foarsitter fan de krite De Haach en kontakt opnimme mei Klaas Sietse Spoelstra.

Krite Utert/Seist: Holwert oan see.

FBoU: De suggestjes wurde opnommen yn de kommende Nijsbrief.

## 9. Mediasaken/Omrop

Hjir binne gjin opmerkings/fragen oer.

## 10. Promoasje Boun

Hjir binne gjin opmerkings/fragen oer.

## 11. Nijsfoarsjenning nei de kriteren ta

Hjir binne gjin opmerkings/fragen oer.

## 12. Wat fierder noch op it aljemint komt

Krite Hurderwyk: It bestjoer fan de krite 'Meiinoar Ien' is tige ynnommen mei it bestjoer fan it FBoU.

FBoU: Dankewol. Graach dien.

## 13. Omfreegjen

Krite Swol: Binne der al ferhalefertellers oer it kritelibben dy't harren by de Bounsskriuwer oanmeld hawwe?

FBoU: Noch gjin oanmeldings.

Krite Hurderwyk: Hoe dogge de oare kriteren it yn dizze tiid fan Koroana?

FBoU: Dizze fraach wurdt opnommen yn de kommende Nijsbrief.

#### Ad 4 Jierferslach 2020 fan de Bounsskriuwer

##### It bestjoer

De hjirûnder steande minsken fan de neamde kriteren hawwe sit yn it bestjoer:

J. Bijkerk	Lelystêd	: foarsitter
K. van der Beek	Hurderwyk	: skriuwer
H. de Haan	De Haach	: algemien
G. Stegenga	Apeldoarn	: 2de skriuwer
P. Westdijk-Kaastra	Utert	: algemien
J. Vogel	Hoarn	: ponghâlder

- Mediasaken, kontaktpersoan foar it bestjoer: J.P. Bergmans, [j.p.bergmans@casema.nl](mailto:j.p.bergmans@casema.nl)
- Jan Bijkerk en Pietie Westdijk-Kaastra wienen mei ús âld-foarsitter en earelid dhr. Hâns Dijk fertsjintwurdige nei it IFAT
- Kees van der Beek wie fertsjintwurdige nei de gearkomsten fan de Ried fan de Fryske Beweging.

It bestjoer hat yn 2020 by inoar west op: 11/02 yn Delft, 10/05 fia SKYPE, 20/06 fia SKYPE, 2/11 en 25/11 ek allebeide fia SKYPE. It plende bestjoersoerlis fan 21/4 is fanwegen de Koroana-pandemy net trochgien.

Yn oanrin op de AG, dy't 28 maart plakfine soe yn Delft hawwe 5 febrewaris de foarsitter, skriuwer en bestjoerslid Hylke de Haan oerlis yn Delft hân mei it behear fan it Prinsenkwartier – de AG is lykwols fanwegen maatregels fan de Ryksoerheid yn ferbân mei de Koroana-pandemy net trochgien.

De tariesingskommisje foar 100 jier FBoU, besteande út de foarsitter Jan Bijkerk, skriuwer Kees van der Beek, Hans Groenhof en Teatske Haanstra-Bosma fan Assen en Jolanda Lootens-Berg en Jan Bosgraaf fan Swol binne 29 jannewaris yn Hurderwyk gear west en 4 juny fia SKYPE. De datum foar it 100-jierrich Jubileumfeest is fêstlein op 16 septimber 2023. Fierder is mei in twatal Nijsbrieven, dy't 1 septimber en 15 desimber útkamen, omtinken frege foar de digitale AG, de útkomsten dêrfan en it 100-jierrich bestean fan it Boun yn 2023 mei it fersyk om mei ideeën en suggestjes foar dat jubileumfeest te kommen.

##### Eareleden

De list mei eareleden fan it Boun seach der sa út:

- Klaas Bos fan Lexmond,
- Stoffel Haagsma fan De Gordyk,
- *Hinke Hofman fan Diever – ferstoarn 9 maaie 2020*
- *Betty van der Schaaf-Plaat fan Leiden – ferstoarn 4 septimber 2020*
- Sjoerd D. A. Bakker fan Dalftsien
- Hâns J. Weijer fan Appelskea
- Hâns Dijk fan Boadegraven

##### It Boun

Mei 14 oansletten kriteren en 1 Stúdzjerûnte gongen wy it jier 2020 yn mei 1433 kriteleden.

Yn it ramt fan PLAN23 binne der oant no ta rûm 120 e-mailstipers fan it Boun. Sels út Nij Seelân, Kanada, Dútslân en Spanje binne der e-mailstipers. Oan de ein fan 2020 stie de teller op 1369 .....

### De Dielen

Fan it diel West is it ôfrûne jier gjin ferslach opmakke fan Dielsgearkomsten. It diel Midden Nederlân, foarme troch de krite Hilversum, Utert, Seist, Lelystêd en Hurderwyk, komt jierliks ienris by inoar en fynt it útwikseljen fan ûnderfiningen tige wichtich. Dit jier wie it doel om 17 maart yn Bussum byinoar te kommen – troch koroana is dat net trochgien. Diel Noard, foarme troch de krite Assen, Meppel, Roan en omkriten, Súdeast Drinte en Swol, ??????? byinoar yn Roan.

### Ledetal

Sa as al by It Boun beskreaun is it ledetal opnij tebekrûn.

Mei PLAN23 is de oanset jûn ta in nije loat oan de stambeam fan It Boun: it tebekrinnen fan it ledetal by de krite is bekend: âlde leden, dy't der by weifalle, mar suver hast gjin nije jonge leden. De bestjoeren fan de krite dogge alle war om elk winterskoft wer in programma foar de leden op priemmen te setten. It binne benammen de leden dy't de fakatueres yn de kritebestjoeren opfolje en sa der foar soargje dat der stjoer jûn wurdt oan it kriteleden: alle lof dêrfoar!

Selskippen fan bytiden wit hoe fier, komme de jûn foljen; dy kostje hannen fol jild en mei it tebekrinnen fan it ledetal rinne ek de ynkomsten werom. Yntarre op it kaptaal fan de krite kin men net tefolle en te lang dwaan en dan wurdt it programma al gau skraler of minder oantreklik en bliuwe de leden wei – wêr hâldt dit op? It bestjoer fan it FBoU is dêrom al in tiidlang dwaande om yn gearwurking mei it IFAT, STAF en Keunstwurk in nije organisaasje fan 'e grûn te krijen, dy't foar de Provinsje Fryslân oantreklik genôch is om de belangen te behertigjen fan it Frysk Amateuroaniel om dat ûnder ien nûmer te stypjen. Yn 2021 moat dy nije organisaasje hannen en fuotten krije. Fanwegen de koroana is dit ek wat efterop rekke. It Boun hat kontakt hân mei Geert Louwes, de foarsitter fan STAF. Yn maart hawwe se fia de rjochter de namme STAF omsetten yn de namme 'Do-ek', in nije feriening, dêr't FBoU ek lid fan wurde kin. De ynformaasje oer dat wat it FBoU fan dizze nije organisaasje ferwachtet, is oan harren levere. Wy wachtsje no op harren antwurd.

### Krite-aktiviteiten

It jier 2020 is in bysûnder jier wurden; wat yn jannewaris noch op priemmen stie, kaam fanôf maart alhielendal yn 'e wacht te stean: koroana liet net ta, dat wy nei ús fertroude lokaasjes gean mochten. In inkelde krite hat oan it begjin fan it jier noch in nijiersgearkomste hâlde kinnen, mar dêrnei binne in soad aktiviteiten ôfsein. It tal minsken, dat byinoar komme mocht, wie ek fanwegen de maatregels fan de oerheid beheind.

### Krite

Foar it oersjoch fan de ledetallen, de stiftingsjierren en krite-aktiviteiten ferwize wy nei **Bylage II** (side 22 en 23). **Bylage I** (side 21) jout in oersjoch fan de kritebestjoeren en fan it Bounbestjoer. De adressen binne aktualisearre nei de tastân fan 1 febrewaris 2020.

Foar de fierdere útwurking fan de kriteferslaggen folsteane wy mei te ferwizen nei de Ynfomap op ús webside. De adresgegevens binne foar it grutste part nei de nijste Europeeske AVG-rigeljouwing oanpast en binne dêr ek te finen : [www.fryskbutenfryslan.frj](http://www.fryskbutenfryslan.frj). Alle ynformaasje dy't krite sichtber oanbiede yn harren krite-blêden en dy ek op de webside fan it Boun sette litte, moat oan de Europeeske privacy-rigels foldwaan: wa't persoansgegevens fermeld moat betinke, dat elk dêr jierliks tastimming foar jaan moat – de skriuwer fan de krite sjocht dêrop ta en hâldt de administraasje dêrfan by.

Spitichernôch kaam 19 maaie it berjocht dat de net-oansletten krite Gysbert Jaspicks fan De Helder op 27 juny ophold te bestean – it jild wie op..... Wy hawwe it Helders bestjoer oproppe om har leden kenber te meitsjen, dat sy tenei telâne kinne by de krite Hoarn.

### AVG – Algemene Verordening Gegevensbescherming - Privacy

Yn it ramt fan de privacywet, de AVG, binne we ferplicht belanghawwenden dúdlik te meitsjen hokker gegevens wy fan harren hawwe, mei hokker doel, hokker bewartiid en wa't dêr ynsicht yn hat. Op dit stuit bewarret de skriuwer de neikommende gegevens fan de leden:

- foarnamme of letter
- Achternamme
- Adres
- Postkoade en wenplak
- Tillefoannûmer
- Emailadres



Dizze gegevens binne allinnich yn te sjen foar de bestjoersleden en wurde ferwidere út it systeem op it stuit dat men opseit of komt te ferstjerren. We brûke de gegevens allinnich mar om kontakt mei jo op te nimmen yn it gefal fan need, it stjoeren fan berjochten, nijsbrief en de rekken. De gegevens wurde nea sûnder tastimming oan treden oanbean.

### De Ried fan de Fryske Beweging



Kees van der Beek is út namme fan It Boun fertsjintwurdiger nei de Ried fan de Fryske Beweging.

De Ried fan de Fryske Beweging is it oerkoepeljend ferbân fan minsken, selskippen en organisaasjes, dy't harren ynsette foar de Fryske taal en kultuer en de Fryske belangen yn it algemien.

De Ried is de organisaasje dy't wat dat oanbelanget yn Fryslân de finger oan 'e pols hâldt en sa nedich dêr de diskusje oer oangiet mei de ferantwurdlike oerheden, maatskiplike organisaasjes en it bedriuwslibben.

De Ried wol der ta bydrage dat de polityk net om it Frysk hinne kin. En noch altiten blykt it noadich, dat de Ried de lju yn De Haach oanfiterje moat om rekken te hâlden mei de Twadde Rykstaal - sjoch mar ris op de websiden [www.fryskebeweging.frl](http://www.fryskebeweging.frl) en [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl)

### Omrop Fryslân

Sjoch foar in oersjoch fan de stân fan saken it ferslach fan de kontaktpersoan foar de mediasaken, Jan Piet Bergmans by punt 15 fan de wurklist (side ).

### Ta beslút:

Wer tige tank foar de noflike gearwurking en foar al it wurk dat ferset is, al wie dat dit jier sûnder mis: oars as oars!

Ik hoop dat it kommende kritejier foar sawol de krite as foar de kriteleden in sîn jier wêze sil mei gewoan wer in soad nocht en wille.

## Ad 5 Ferslach Rekkenopnimers oer de sifers en begrutting fan 2020/2021:

De rekkenopnimers bringe ferslach út en jouwe jouwe in taljochting. (By it útbringen fan dit AMBYLD hie de ponghâlder noch gjin oerlis hân mei de rekkenopnimers.....)

## Ad 6 Finânsjes

### REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2020 en BEGRUTTING 2021

BATEN	Begrutting 2020	Rekken 2020	Begrutting 2021	LESTEN	Begrutting 2020	Rekken 2020	Begrutting 2021
Ynlagen krite	€ 650,00	€ 619,50	€ 600,00	Feriening en bestjoer	€ 500,00	€ 329,10	€ 500,00
Bydragen publisiteitskosten	€ 150,00	€ 130,00	€ 150,00	Publisiteit	€ 200,00	€ 181,38	€ 200,00
Rintes	€ 5,00	€ 1,04	€ 0,00	Algemiene Gearkomste		€ 207,70	€ 375,00
Bijdrage M & Y dei				Kontribúsjes en stipen	€ 100,00	€ 100,00	€ 100,00
Jeften		€ 50,50		M & Y dei			€ 375,00
Subsydzje IFAT	€ 365,00	€ 2.171,24	€ 1.250,00	JubieumCommissie 2023	€ 175,00	€ 163,55	€ 175,00
				IFAT - administraasje BSF 2019	€ 450,00	€ 453,09	€ 450,00
				Toaniel WA	€ 45,00	€ 45,00	€ 45,00
				Ledekaarten 2019-2020	€ 65,00	€ 85,96	€ 0,00
				Oerskot 2020		€ 1.406,50	
Tekoart	€ 365,00		€ 220,00				
<b>BATEN mei-inoar</b>	<b>€ 1.535,00</b>	<b>€ 2.972,28</b>	<b>€ 2.220,00</b>	<b>LESTEN mei-inoar</b>	<b>€ 1.535,00</b>	<b>€ 2.972,28</b>	<b>€ 2.220,00</b>

### BALANS 31 DESIMBER 2020

DEBET	31 des. 2019	31 des. 2020	KREDIT	31 des. 2019	31 des. 2020
ING Saaklik gewoan	€ 1.424,38	€ 838,67	<b>Te beteljen en ferrekenjen:</b>		
ING Sparrekken	€ 14.108,64	€ 4.571,16	- Foarskotten en reserve IFAT	€ 15.719,26	€ 14.847,17
Sparrekken SNS-Regiobank	€ 5.959,08	€ 5.960,12			
Jubileum 2023		€ 11.537,48			
<b>Te verwachten ynkkomsten:</b>			<b>Feroarings kapitaal:</b>		
- Oanfrege subsydzje IFAT	€ 1.250,00	€ 365,00	Begjinkapitaal op 1-1-2019	€ 7.104,98	€ 7.090,60
oanfrege subsydzje ledekaarten	€ 67,76	€ 85,96	Oerskot / tekoart boekjier	-€ 14,38	€ 1.420,62
			Einkapitaal op 31-12-2019	€ 7.090,60	€ 8.511,22
<b>BALANSTOTAAL mei-inoar</b>	<b>€ 22.809,86</b>	<b>€ 23.358,39</b>	<b>BALANSTOTAAL mei-inoar</b>	<b>€ 22.809,86</b>	<b>€ 23.358,39</b>

#### Taljochting op de Rekken fan Baten en Lesten 2020

Dit jier is der in oerskot fan € 1.406,50. Diels is dit te ferklearjen troch de krap € 2.200,00 dy't as subsydzje fan it IFAT binnen kaam is. Ek wienen der hast gjin kosten foar in AG en M- en Y-middei.

#### Taljochting op Balans 2020

De rom € 11.000,00, dy't yn 2018 fan it Boekefûns kaam en op de sparrekken set wie, is no oerhevele nei de Balans ûnder de nûmer Jubileum 2023 – in bes;út dat nommen is op de digitale AG fan hjerst 2020.

#### Taljochting op Begruttin 2021

Troch de Koroana-pandemy is 2020 in nuver jier west. Der wie gjin AG en ek de M- en Y-middei koe net trochgean. It doel is om yn 2021 de AG en de M- en Y-middei op ien en deselde dei te hâlden. Dat skeelt yn 'e kosten oan sprekkers en sealhier. Dochs stiet op de Begrutting foar 2021 in tekoart fan sa'n € 220,00 wat te meitsjen hat mei de ûnwissigens fan it subsydzjebedrach, dat wy fan it IFAT krije. Ek is net wis wat de ynlage fan de krite dit jier opsmite sil.

Blokker, febrewaris 2021

Ponghâlder Jan Vogel

Goedkard en fêsteld yn de AG op 9 oktober 2020 yn Hurderwyk fan it Frysk Boun om Utens troch foarsitter, Jan Bijkerk en skriuwer, Kees van der Beek

## Ad 7. Algemeine Gearkomsten 2021 en 2022

Sa as al yn it ferslach fan de AG fan ferline jier stiet hie it Kriteselskip "Rjucht en Sjucht" fan De Haach tasein as gasthear op te treden foar de AG fan 2020. Dat jier betochten sy, dat se 121 jier besteane. As FBoU wienen wy tige ynnommen mei dy tasizzing.

Wy witte no, oktober 2021, dat it troch Koroana oars gien is. Alles waard ôfsein en it bestjoer fan it FBoU is yn oktober oergien op in Digitale AG fia de mail.

Foar 2021 hie it Boun ien fan de dan jubilearjende kriteren de tasizzing krigen dat sy wol as gasthear fungearje wolle: Krite Assen bestiet dan 91 jier; mar om't sy pas op 18 desimber 2020 dizze mylpeal berikke, soe (as alles wer kin) dat jubileum yn 2021 fierd wurde. De datum en it plak wienen al bekend: 27 maart 2021 yn it 'Haoler hoes' fan Hooghalen. Mar jim begripe it al: ek dizze krite doarde it net oan om de AG fan it FBoU ûnderdak te jaan.

Hjoed (oktober 2021) sitte wy dan yn Hurderwyk – de krite "Meiinoar Ien" is gasthear.

Takom jier **26 maart 2022** hope wy de tried fan it 'âlde' ritme fan AG's wer op te pakken – Hilversum fiert dan dat sy 75 jier jong binne.....

**Fersyk oan alle kritebestjoeren: organisearje op de datum fan AG gjin eigen krite-aktiviteit**

## Ad 8 Toanielsaken

By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen. De ienige toanielploech dy't binnen it ferbân fan it Boun noch aktyf is, is Assen; sy hawwe troch sykte har aktiviteiten opskood.

Foar toanielselskippen binne de Kriten dit winterskoft dan ek oanwiisd op selskippen út Fryslân.

It bestjoer probearret fia de nij op te rjochtsjen feriening, mei STAF en it Selskip, om dochs wat sub-sydzje los te krijen by de provinsje Fryslân. Dizze sub-sydzje soe dan nei de toanielselskippen gean dy't foar ús, as kriteren om utens, spylje. Dêrtroch binne ús kosten foar sa'n selskip in stik minder heech. Mar ja, dat hat noch bêst wat tiid nedich by de nije organisaasje en de provinsje om dat foar in-oar te krijen!

"It Frysk Amateur Toaniel" - IFAT is yn 1953 oprjochte troch:

- BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- FBOU – Frysk Boun om Utens
- It âld-Selskip1844 – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzje- wykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toaniel-omballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal.

IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike sub-sydzje, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it sub-sydzjebarren.

**IFAT: "De takomst fan it Frysk binne wy sels!"**

Foar it FBoU hiene sit yn IFAT: Hâns Dijk en Pietie Westdijk-Kaastra en de foarsitter Jan Bijkerk .



## **Ad 9. Wet Bestjoer en Tafersjoch Rjochtspersoanen – WBTR**

Dizze Wet Bestjoer Tafersjoch Rjochtspersoanen is mei yngong fan 1 july 2021 yngien; wat binne de gefolgen:

Yn oerlis mei Notariskantoaren hawwe wy de folgjende ried krigen:

**It oanpassen fan de statueten foar ferienings is net earder needsaaklik as wannear't er in wiziging fan de statueten nedich is.**

### **Spesjaal foar stichtingen:**

Foar stichtingen is it oan te rieden om in foarm fan tafersjoch yn te stellen Tink bygelyks oan in ried fan kommissarissen dy't each op de finansjele gong fan saken hâldt en kontrolearret. By it oanpassen fan de statueten fan in feriening is it wichtich dat de neikommende passaazje opnommen wurdt:

### **Spesjaal foar ferienings:**

#### **Bestjoer:**

Yn gefal fan alteraasje of belet fan alle bestjoerders is de persoan dy't dêrta troch de algemiene gearkomste beneamd wurdt, tydlik mei it bestjoer fan de feriening belêstige. Dizze tydlik bestjoerder wurdt oangeande de útfiering lyk mei in bestjoerder steld.

#### **Taken en foech:**

It bestjoer rjochtet sich by it útfieren fan it wurk nei it belang fan de feriening.

Oangeande de taakferfolling troch bestjoerders is it bepaalde yn it boargerlik wetboek soortgelyk oan de artikelen 2:131 en 2:138 de leden 3 oant en mei 10 fan tapassing.

#### **Bestjoersbeslútfoarming:**

In bestjoerder docht net mei oan it oerlis en beslútfoarming as hy dêr in direkt of yndirekt persoanlik belang by hat dat yn striid is mei it belang fan de feriening. Wannear 't hjirtroch gjin bestjoersbeslút nommen wurde kin, wurdt it beslút naam troch de algemiene ledegearkomste.

#### **Nei-pripper**

De feriening kin no alfêst dwaande noch foar't de statueten oapast wurde.



Dit kin jo al fêst opnimme yn in húshâldlik reglement en as it nedich is de statueten oan te passen, dizze kêsten opnimme yn de nije statueten.

It is mooglik wol ferstannich om de statueten ris ôf te stofjen en yn it bestjoer troch te eidzjen – doch soks dan binnen no en de kommende 5 jier



## Ad 10. Bestjoersgearstalling

It roaster fan ôfgean sa't ús bestjoer dat fêststeld hat is:

- 2021: Jan Bijkerk en Pietie Westdijk-Kaastra
- 2022: Hylke de Haan en Kees van der Beek
- 2023: opfolger fan Pietie Westdijk-Kaastra
- 2024: Gerrit Stegenga

Dit jier binne dus Pietie Westdijk-Kaastra en Jan Bijkerk reglemintêr oan bar om ôf te gean. Pietie hat te kennen jûn net wer beskikber te wêzen – 2 jier ferlyn is sy foar twa jier ferkeazen. Har opfolger wurdt dêrom ek foarearst foar twa jier ferkeazen. Jan Bijkerk is wer beskikber foar 4 jier. Troch it bestjoer is der socht nei in opfolger fan Pietie, der binne wol wat gesprekken west, mar oant no ta binne der noch gjin kandidaten.

It bestjoer ropt lykwols nochris alle kritebestjoeren op om mei (tsjin-)kandidaten te kommen. Soks alhiel yn oerienstimming mei it Húshâldlik Reglemint fan it Boun. Komme dy net foar 1 oktober binnen by de skriuwer fan it Boun (Kees van der Beek – [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)) dan docht it bestjoer it útstel om Jan Bijkerk wer yn te hieren foar 4 jier.

*Ik wol der wol op wize, dat it gjin fereaske is, dat Bouns-bestjoersleden teffens bestjoerslid fan in krite wêze moatte.*

## Ad 11. Jubileum FBoU 100 jier - 16 septimber 2023

Op nei de 100 jier yn 2023:

In tariedingskommisje, besteande út Teatske Haanstra-Bosma fan Assen, Jolanda Lootens-Berg fan Swol, Hans Groenhof fan Assen, Jan Bosgraaf fan Swol, Jan Bijkerk as foarsitter fan it Boun en Kees vander Beek as skriuwer fan it Boun binne al in pear kear byinoar west om al fêst it ien en oar op priemmen te setten. De datum fan it Jubileumfeest is fêstlein: sneon 16 septimber 2023.

Yn grutte halen is in programma-ynfolling foar dy dei yn konsept opmakke. Der wurdt ûndersyk dien nei de mooglikheid om mei dit Jubileum as Frysk Boun om Utens it predikaat KENINKLIK te beheljen. De kommisje tinkt, dat Swol in gaadlik plak is foar dit Jubileum-feest. Tsjin dy tiid hope wy dat it mooglik is om sa maklik mooglik dêr te kommen.

De kommisje is dwaande om op dy dei in Jubileum-boek út te bringen; yn de Nijsbrief fan desimber is de oprop dien oan alle kritebestjoeren om ûnder har leden te hifkjen nei mooglike ferhale-fertellers dy't nijsgjirrich genôch binne om oer it Kritelibben te fertellen of te skriuwen. Reaksjes graach nei: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)

## Ad 12. Kontakt bestjoersleden mei de kriteren

Yn it bestjoer fan It Frysk Boun om Utens is al jierren de ôfspraak, dat hja op ien of oare wize kontakt ûnderhâlde mei de kriteren yn ús lân. Op 't stuit binne der 14 kriteren oansletten by It Boun en 1 is net oansletten. Yn it bestjoer binne ôfspraken makke hokker bestjoerslid mei hokker kriteren kontakt ûnderhâlde sil.

Mar, wat hâldt soks no yn?

Yn 't foarste plak is it bestjoerslid yn prinsipe de earste kontaktpersoan tusken krite en Bounbestjoer as der swierrichheden of fragen binne. Om de bân te ûnderhâlden is it mooglik in idee om as kritebestjoer it kontakt-bestjoerslid fan it Boun ris út te noegjen foar in bestjoersgearkomst....

It riden en farren fan de kriteren giet ús, dat mei dúdlik wêze, oan it hert!

## Ad 13. Moetings- en Ynspiraasje dei 2022 (ideeën)

Suggestjes foar de ynhâld fan dy middei binne tige wolkom!

## Ad 14. Mediasaken / Omrop Fryslân – Jan Piet Bergmans

Yn desimber 2016 binne de Bestjoersôfspraken Frysk yn de Media 2016 fêstlein. Dêr steane ôfspraken yn oer it Frysktalige media-oanbod, de posysje fan Omrop Fryslân yn it wizige mediabestel en de finânsjes. Hjirmei is it rêstich wurden op it mêd fan Omrop Fryslân.

Yn 2017 soarge KPN foar wat konsternaasje. Se publisearre in nije beliedsrigel: op 4 july 2017 jouwe wy it sinjaal fan OF allinne troch yn de provinsje Fryslân en de buorprovinsjes fan Fryslân. De lanlike dekking fan OF wie dus fuort.

Foar it Boun om Utens wie dat oanlieding om in brief te stjoeren nei KPN en de polityk. De deputearre fan de provinsje Fryslân hat oerlis hân mei it bestjoer fan KPN, dêrnei hat de provinsje in brief stjoerd nei de Ried fan Bestjoer fan KPN. It resultaat fan de bestjoerlike druk hat fertuten dien: KPN jout it sinjaal fan OF troch yn hiel Nederlân. De grutste kabelaar (Ziggo) jout it sinjaal fan OF ek troch. Hjirmei is sprake fan in (sawat) lanlike dekking. Yn 2019 hat it kabinet de plannen foar de publike omrop nei bûten brocht: foar 20.00 oer egjin reklame útsjoere, omroppen ha minder leden nedich om yn it bestel te bliuwen en de jongereinstjoerder NPO3 wurdt omfoarme ta Regio3. Dat soe bestjutte dat de regionale omroppen op it lanlike net komt. Der binne (fûle) foar- en tsjin-stanners. It is net te sizzen hoe't dit útpakke sil.



*Der binne gjin ûntwikkelingen. De stân fan saken is noch gelyk oan de situaasje sa't dy beskreaun is it yn foarige Ambyld 49 – sjoch tekst hjirboppe*

### Ad 15. Promoasje Boun

It promoasjewurk beslacht it neikommende:

- a. It Frysk Boun om Utens moat te finen wêze yn neislachwurken sa as it Bûsboekje en guon databanken op ynternet.
- b. Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei ús webside [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl).
- c. It trochjaan fan Krite-aktiviteiten. Op de webside fan it Boun is no in Aktiviteiten-kalinder opnommen: alle kriteren jouwe oan de redaksje fan de webside troch wat der sa al yn 't winterskoft op 'e rol stiet.

De redaksje fan de webside bestiet út Jan Bijkerk, Ida Knobbe-Kramer en Kees van der Beek:  
[skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl) / [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

### Ad 16. Nijsfoarsjenning nei de kriteren ta

Dêrfoar hawwe wy ús Ynformaasjemap. Dy stiet op ús webside en wurdt dêr ek regelmjittich ferfarske. Is der nijs/binne der feroaringen dan kin men de Ynformaasjemap op de webside fan It Boun sûnder wachtwurd rieplachtsje. Meitsje dan ek sa folle mooglik gebrûk fan ús webside:

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl), benammen ek fan de mooglikheid op de "eigen kriteside" ynformaasje te jaan oer jimme programma en wat noch mear nijsgjirrich wêze kin foar oaren. De Aktiviteiten-kalinder op de webside jout in moai oersicht fan alle aktiviteiten; elke krite jout dy ynfo troch oan de redaksje fan de webside of oan de skriuwer fan it Boun. Sjoch ek ris ûnder de knop "Weblog". Sa kin in ûnderlinge diskusje yn gong set wurde, mei wa wit wat foar ferrassende resultaten. It AMBYLD, mei de gearkomstestikken foar de jierlikse Algemiene Gearkomste, giet fia de mail nei de skriuwers en foarsitters fan de kriteren; dy is ek yn te sjen op ús webside. Fierders giet it AMBYLD nei tal fan oare Fryske organisaasjes en media.

### Ad 17. Folkshegeskoalle Schylgeralân

#### ***Se meie wer iepen!***

Fan 1 juny ôf, binne jo fan herte wolkom op de Folkshegeskoalle. Fansels folgje se alle jildende regels fan de oardelmetermienskip dêr't sy no mei te krijen hawwe troch it koroanafirus. Se dogge der alles oan dêr sa goed mooglik mei om te gean. In feilich ferbliuw, foar jo as ús gast, is foar harren it alderwichtichst.

Neffens de rjochtlinen fan de oerheid en de Veiligheidsregio Fryslân, kinne se fan 1 juny ôf wer groepen minsken ûntfange oant 30 persoanen. Ek mei de ytseal iepen, mar dan (lykas oars) allinne foar de eigen gasten.

Dat betsjut ek dat jo no de strippekaart fersulverje kinne foar in ferbliuw by harren fan 1 juny ôf.

Se hawwe alles derop taret om foar har gasten en meiwurkers in feilich plak biede te kinnen. Dat betsjut dat jo ferbliuw der krekt wat oars út sjen sil, as dat jo fan harren wend binne.

Hokker maatregels nimme se?

Op de Folkshegeskoalle soargje sy derfoar dat ûnderlinge kontakten tusken gasten en meiwurkers safolle mooglik beheind bliuwe, en dat it maklik is om dy oan de regels te hâlden. Fansels folgje se de rjochtliden fan it RIVM en jilde de folgjende betingsten:

- De meiwurkers hâlde oardel meter ôfstân. Under de omstannichheden helpe se jimme fansels safolle mooglik en wêr't se kinne.
- Yn alle gebouwen is der ienrjochtingsferkear en der kinne minder minsken tagelyk yn de ytseal. Ek dat is fansels allegearre oanpast oan de regels wat de oardel meter oanbelanget en de nedige hygiënemaatregels.
- Der kinne allinne noch keamers dield wurde troch minsken dy't út ien húshâlden komme. Dat betsjut dat gesinnen en pearen gewoan in keamer diele kinne. Hawwe jo al in reservearring foar in dielde keamer, mar net mei immen út de eigen húshâlding, dan nimme se kontakt mei jo op om it ferbliuw om te boeken nei in ienpersoanskeamer.
- Ekstra skjinmakmaatregels binne tige wichtich. De iepenbiere húskes binne net iepen, jo kenne gebrûk meitsje fan it eigen sanitêr op eigen keamer. Der binne desynfektarjende hân-gels yn alle gebouwen en sealen foar algemien gebrûk. Ek is der sjipte op alle keamers.
- Kinne jo allinne mar komme at earst reservearre is.
- Binne jo net fit, hawwe jo ferheging of hoastje jo, dan kinne se jo spitigernôch net ûntfange.

Dizze maatregels kinne altyd oanpast wurde as dêr oanlieding ta is út de oerheid of de GGD wei. Se hope jimme fluch te sjen, se hawwe jimme mist!

Freonlik groetsjend, út namme fan fan elk op de Folkshegeskoalle,

Foar ynformaasje: [info@folkshegeskoalle.nl](mailto:info@folkshegeskoalle.nl)  
 Webside: [www.folkshegeskoalle.frl](http://www.folkshegeskoalle.frl)  
 It adres: Folkshegeskoalle Schylgeralân  
 Badwei Hoarne 11  
 8896 KC Hoarne Skylge  
 tillefoan: 0562 – 448954



## Eareleden fan it Frysk Boun om Utens

K. Bos,  
 S. Haagsma,  
*Frou H. Hofman – ferstoarn 9 maaie 2020*  
*Frou E. van der Schaaf-Plaat – ferstoarn 4 septimber 2020*  
 Sjoerd D.A. Bakker  
 Hâns J. Weijer  
 Hâns Dijk

## Bylage I by jierferslach skriuwer

### Fryske krite yn Nederlân

Apeldoarn: "FIER FAN HUS", Gerrit Stegenga; [fierfanhus.apeldoorn@gmail.com](mailto:fierfanhus.apeldoorn@gmail.com);  
 Arnhem : Stúdzjerûnte 'Dr. E. Halbertsma': Gerard Hoekema; [g.hoekema@telfort.nl](mailto:g.hoekema@telfort.nl);  
 Assen: "US MEMMETAEL", Hans Groenhof; [hansenmetje@home.nl](mailto:hansenmetje@home.nl);  
 Boadegraven: "FIER FAN HUS", T. Broere-Tiesinga; [tinibroere@kpnmail.nl](mailto:tinibroere@kpnmail.nl);  
 De Haach: "RJUCHT EN SLJUCHT", S. Bonnema; [ynfo.rjuchtensljucht@gmail.com](mailto:ynfo.rjuchtensljucht@gmail.com);  
 Hilversum: "FRYSK EN FRIJ", A.R. Koopmans-Nieuwland; [kritehilversum@gmail.com](mailto:kritehilversum@gmail.com);  
 Hoarn: "TROCH DE TAEI FORBOUN", Jan Vogel; [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com);  
 Hurderwyk: "MEI INOAR IEN", Kees en Siska van der Beek; [savanderbeek@gmail.com](mailto:savanderbeek@gmail.com);  
 Twente: "FREONEN FRYSKE KULTUER", Auke Hoekstra; [a.hoekstra1@lijbrandt.nl](mailto:a.hoekstra1@lijbrandt.nl);  
 Lelystêd: "DE SEKRITE", Luit Dijk; [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl);  
 Meppel: "WALING DYKSTRA", Romke E. Egbers; [walingdijkstra@kpnmail.nl](mailto:walingdijkstra@kpnmail.nl);  
 Súdeast-Drinte: "SUDEAST-DRINTE", Sjouke van der Veen; [sjouke.vanderveen@kpnplanet.nl](mailto:sjouke.vanderveen@kpnplanet.nl);  
 Swol: "FRYSK SELSKIP SWOL", J.Tj. Kuipers; [jantierkkuipers@gmail.com](mailto:jantierkkuipers@gmail.com);  
 Utert/Seist: "MEI INOAR IEN", J.P. Bergmans; [j.p.bergmans@casema.nl](mailto:j.p.bergmans@casema.nl);

### NET-OANSLETTEN KRITE:

Roan: "ROAN EN OMSTREKEN"; Klazien van der Molen-Kampen; [gerritenklazien@gmail.com](mailto:gerritenklazien@gmail.com);

### Haadbestjoer FBoU:

Foarsitter	Jan Bijkerk, <a href="mailto:foarsitter_fbou@fryskbutenfryslan.frl">foarsitter_fbou@fryskbutenfryslan.frl</a> ;
Skriuwer	Kees van der Beek, <a href="mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl">skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl</a> ;
Ponghâlder	Jan Vogel, <a href="mailto:yellowbirds53@gmail.com">yellowbirds53@gmail.com</a> ;
Twadde skriuwer	Gerrit Stegenga, <a href="mailto:gerrit.stegenga@planet.nl">gerrit.stegenga@planet.nl</a> ;
Lid Toanielsaken	Pietie Westdijk-Kaasta, <a href="mailto:pcwestdijk@planet.nl">pcwestdijk@planet.nl</a> ;
Lid Algemien	Hylke de Haan, <a href="mailto:hylke_de_haan@hotmail.com">hylke_de_haan@hotmail.com</a> ;

Webmaster	Jan Bijkerk, <a href="mailto:itbounomutens@janbijkerk.nl">itbounomutens@janbijkerk.nl</a> ;
Skaad-webmaster	Ida Knobbe-Kramer, <a href="mailto:iknobbe@hccnet.nl">iknobbe@hccnet.nl</a> ;
Media saken	Jan Piet Bergmans, <a href="mailto:j.p.bergmans@casema.nl">j.p.bergmans@casema.nl</a> ;

**Bylage II by jierferslach skriuwer – ledetallen ensfh. en stiftingsjierren**

Ledetallen:

KRITEN	OANTAL LEDEN		YNLAGE		TAGONGSPRIIS	
	31-12-2019	31-12-2020	Euro's		grutte toanieljûn	
			ienling	pear	lid	net-lid
Arnhem	26	25	25,00	50,00	0	0
Apeldoarn	156	156	15,00	30,00	15,00	17,50
Assen	156	130	8,00	15,00	10,00	12,50
Boadegraven	56	53	10,00	20,00	12,50	17,50
De Haach	81	85	n.b.	n.b.	n.b.	n.b.
Hilversum	85	82	15,00	30,00	10,00	15,00
Hoarn	100	103	15,00	30,00	2,50	10,00
Hurderwyk	95	90	15,00	30,00	5,00	10,00/12,50
Twente	153	151	20,00	35,00	-	9,50/10-15,-
Lelystêd	99	89	15,00	30,00	10,00	15,00
Meppel	62	62	25,00	50,00	3,00	15,00
Sudeast-Drinte	118	106	10,00	15,00	15,00	20,00
Swol	112	111	38,00	76,00	0	10,00/15,00
Utert/Seist	134	126	12,00	24,00	5,00-7,50-12,50	
<b>TOTAAL</b>	<b>1433</b>	<b>1369</b>				

Stiftingsjierren:

KRITEN	OPRJOCHTE YN	d.d.	2021	2022	2023	2024	2025
Swol	1899	8-feb				125	
De Haach	1899	1-okt				125	
Utert/Seist	2019	18-mei				5	
Apeldoarn	1901	9-dec	120				
Hoarn	1911	11-nov	110				
Meppel	1924	24-feb				100	
Assen	1930	18-dec					95
Boadegraven	1946	15-jan	75				
Hilversum	1947	8-mrt		75			
Lelystêd	1971	26-nov	50				
Hurderwyk	1979	8-mei				45	
Twente	1980	22-mei					45
Sudeast-Drinte	1994	12-apr				30	
Arnhem	2008	26-mrt			15		

## Krite-aktiviteiten:

KRITEN	TOAN	KABA	Krystm.	TSJER	NIJ-B	EKSK	STUD	LEZIN	OARS
Apeldoarn	1/70	1/70		1/60	1/40	1/35			2/35
Arnhem									
Assen									
Boadegraven					1/41				
De Haach				1/20	1/15			3/15	4/5
Hilversum	1/44				1/30			1/30	1/40
Hoarn	1/60								
Hurderwyk	1/65				1/36				
Twente									
Lelystêd	1/45				1/60		2/5		
Meppel	1/40	1/30			1/30				
Súdeast-Drinte									
Swol	1/105						1	1/70	
Utert/Seist					1/31		4		1/26

## Taljochting:

1/70 betsjut: 1 aktiviteit mei sa'n 70 minsken oanwêzich. Krite-bestjoeren hawwe troch de Koroanapandemy, dy't yn maart 2020 útbruts, in soad krite-aktiviteiten ferfalle litten